

PARSEBERJOCHT

12 febrewaris 2016

Wa wurdt dé assistint fan it talint?

90 oanmeldingen, 3 nominaasjes, ien winner op it Sportgala Fryslân

De iene wurket by in fuotbalklup en de oare syn hert leit by it follybal. Mar ien ding hawwe sy gemien: sy sette harren allegearre bot yn foar in sporter. De ôfrûne dagen is al bekend makke dat assistinten Jan Hulzinga fan VV Suameer en Ingrid van der Molen fan Spelend Sporten nominearre binne foar de titel ‘Assistent van het talent’. Hjoed is ek de lêste nominearre assistint bekend makke, dat is Tjitske Wind fan VC Sneek.

De priis ‘Assistent van het talent’ is in nije priis dy’t dit jier foar it earst útrikt wurdt op it Sportgala Fryslân. De titel is in inisjatyf fan Omrop Fryslân en de Ljouwerter Krante yn gearwurking mei Sport Fryslân. Ut de rom 90 oanmeldingen binne troch de sjuery 3 assistinten nominearre.

Jan Hulzinga is opjûn troch de âlden fan de jongerein dy’t by VV Suameer spilet. Linda van Houten sjocht dat Hulzinga tige belutsen is by de klup. “Hy is echt in sportman yn ieren en sinen.” Jan is 74 jier mar jout noch hieltyd training, koördinearret de jeugdtrainers en is behearder fan it materiaal en de klean. “Jan giet folslein op yn de fuotbalsport, syn hiele libben hinget ôf fan it fuotbaljen.”

Ingrid van der Molen is opjûn troch Eelco Galama, dy’t tige te sprekken is oer har. “Jo kinne wol sizze dat Ingrid fan oanpakken wit.” Sy regelet ûnder oaren dat de minsken swimme kinne, sy begelaat frijwilligers en soarget derfoar dat der bygelyks in bernesirkus komt. “En dat alles foar de handicapte sporters by Spelend Sporten”, seit Eelco Galama.

De lêste nominearre assistint foar de titel is Tjitske Wind fan VC Sneek. Neffens Wilma Grasman is Tjitske faker yn ‘e sporthal te finen as thús op ‘e bank. “Sy stiet altyd foar elkenien klear en hat meardere funksjes binnen de feriening.” Is der in tekoart oan ferfier? Dan komt Tjitske der al oanriden. Hat in team gjin coach? Dan stiet Tjitske klear. “Sy is ûnmisber foar de klup”, seit Wilma.

Sportgala Fryslân live

It wie wer in jier fol kânshawwers, mar wa wurde de winners? Op woansdei 17 febrewaris wurdt bekend hokker sporthelden harren de bêste sporters fan Fryslân neame meie. Omrop Fryslân stjoert it gala fan 20.00 oere ôf live út op Omrop Fryslân Telefyzje, Ynternet en op de Omrop-app. Dêrnei wurdt it gala de hiele jûn werhelle. Ek op snein 21 febrewaris is it Sportgala Fryslân om 12.20 en 14.10 oere werom te sjen op Omrop Fryslân Telefyzje.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 - 299 7876, of mei Remco den Dulk fan Sport Fryslân: 0513 – 630 664.



LEEUWARDER COURANT 



PERSBERICHT

12 februari 2016

Wie wordt dé assistent van het talent?

90 aanmeldingen, 3 nominaties, één winnaar op het Sportgala Fryslân

De een werkt bij een voetbalclub en de ander zijn hart ligt bij het volleybal. Maar een ding hebben ze gemeen: ze zetten zich allemaal hard in voor een sporter. Afgelopen dagen is al bekend gemaakt dat assistenten Jan Hulzinga van VV Suameer en Ingrid van der Molen van Spelend Sporten genomineerd zijn voor de titel 'Assistent van het talent'. Vandaag is ook de laatste genomineerde bekend gemaakt, dat is Tjitske Wind van VC Sneek.

De prijs 'Assistent van het talent' is een nieuwe prijs die dit jaar voor het eerst wordt uitgereikt op het Sportgala Fryslân. De titel is een initiatief van Omrop Fryslân en de Leeuwarder Courant in samenwerking met Sport Fryslân. Uit de ruim 90 aanmeldingen zijn door de jury 3 assistenten genomineerd.

Jan Hulzinga is opgegeven door de ouders van de jeugd die bij VV Suameer speelt. Linda van Houten ziet dat Hulzinga erg betrokken is bij de club. "Hij is echt een sportman in hart en nieren." Jan is 74 jaar maar geeft nog steeds training, coördineert de jeugdtrainers en is beheerder van het materiaal en de kleding. "Jan gaat volledig op in de voetbalsport, zijn hele leven hangt af van het voetballen."

Ingrid van der Molen is opgegeven door Eelco Galama, die erg over haar te spreken is. "Je kunt wel zeggen dat Ingrid van aanpakken weet." Ze regelt onder andere dat de mensen kunnen zwemmen, ze begeleidt vrijwilligers en zorgt ervoor dat er bijvoorbeeld een kindercircus komt. "En dat alles voor de gehandicapte sporters bij Spelend Sporten", zegt Eelco Galama.

De laatste genomineerde is Tjitske Wind van VC Sneek. Volgens Wilma Grasman is Tjitske vaker in de sporthal te vinden dan thuis op de bank. "Ze staat altijd voor iedereen klaar en heeft meerdere functies binnen de vereniging." Is er een tekort aan vervoer? Dan komt Tjitske al aangereden. Heeft een team geen coach? Dan staat Tjitske klaar. "Ze is onmisbaar voor de club", zegt Wilma.

Sportgala Fryslân live

Het was weer een jaar vol kanshebbers, maar wie worden de winnaars? Op woensdag 17 februari wordt bekend welke sporthelden zich de beste sporters van Fryslân mogen noemen. Omrop Fryslân zendt het gala vanaf 20.00 uur live uit op Omrop Fryslân Televisie, Internet en op de Omrop-app. Daarna wordt het gala de hele avond herhaald. Ook op zondag 21 februari is het Sportgala Fryslân om 12.20 en 14.10 uur terug te zien op Omrop Fryslân Televisie.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 - 299 7876, of met Remco den Dulk van Sport Fryslân: 0513 – 630 664.



LEEWARDER COURANT 

